



âld Barradiel

Jubileum nummer

**Oudheidkundige Vereniging
Barradeel**



Oudheidkundige Vereniging Barradeel
Jaargang 6 | december 2008

Foto impressie jubileumviering



Genieten van een hapje en een drankje.



Gastheer Jilles en zijn vrouw Betty ontvangen als dank een met verschillende producten gevulde oude houten 'souw' met daarop de naam van de vader van Klaas-Evert Andringa. Een leuke aanwinst voor de verzameling van Jilles.



Cadeau van de Vereniging Plaatselijk Belang Minnertsga.

Fan eigen hiem . . .

Deze keer een hele andere uitvoering van 'Ald Barradiel' dan u gewend bent. Dat heeft alles te maken met het 25-jarig bestaan van onze vereniging. Deze keer wilden wij u een speciaal jubileumnummer aanbieden in een '*boekjevorm*'. In dit speciale nummer hebben we wat artikelen bij elkaar gezocht die een beetje passen in de periode rond de kerst. Kerken en klokken spelen een belangrijks rol tijdens de kerstdagen, maar ook hebben die klokken een andere rol gespeeld, zoals bijvoorbeeld als brandklok.

Ons lid Jan Gerlofsma uit Peins reageerde, naar aanleiding van een vorige uitgave van Ald Barradiel, op het artikel van de oude herberg op Dykshoek. Jan Gerlofsma is de amateurhistoricus van Peins en omstreken. Wij raakten tijdens de Open Monumentendag in september in gesprek met elkaar dat uiteraard over de historie ging. Jan schrijft in het Fries regelmatig historische artikelen in de dorpskrant waar hij ook veel reacties op krijgt. Hij heeft ook een keer een artikel geschreven over hét gezicht van Peins dat door een Tzummarumer timmerman in het begin van de vorige eeuw geheel door hem werd veranderd. Dit artikel hebben we in deze speciale editie opgenomen. Jan, namens de redactie, dank voor dit fraai artikel.

Veel leesplezier.

Ledennieuws

Nieuw lid:

- Kl. van der Schaaf, Roerdomplaan 91, 1431 WH AALSMEER

Beëindiging:

- K.J. Koornstra, FRANEKER

Eerste aanzet vereniging

In de 'weekkrant' Barradiel Meiinoar ien van oktober 1983 deed S. van der Zwaag uit Tzummarum een oproep in die krant met als kop: 'Achte Barradielsters'. De gemeente Barradeel zou 1 januari 1984 worden opgeheven. Om de geschiedenis te bewaren was het volgens hem wenselijk een vereniging van sneupers op te richten. Hij schreef: *'Is it net sa dat de histoarje yn Barradiel foar it opskeppen leit?'.* Elke hoek bouwgrond heeft in Barradeel een verhaal, elke verhoging in het landschap zijn eigen geschiedenis, elke kerk en toren zijn eigen geheim, aldus Van der Zwaag. De animo, zo bleek later, was voldoende om in december van dat zelfde jaar al een vereniging met statuten en al op te richten die tot op de dag van vandaag nog volop belangstelling geniet.

Bestuurlijk

Op 15 desimber 1983 waard dizze feriening oprjochte yn it Mienskar te Easterbrierrum. It wie yn'e tiid fan weryndieling fan gemeenten. Barradiel gie nei in tiid fan lang toulûken foar in grut part nei Frjentsjeradiel en in stikje nei Harns. Minnertsgea en omkriten kaam 1 jannewaris 84 sa by it Bildt. In grutte feroaring! Hjoed de dei spilet soks al wer! Ferline jier ha yn'e Súdwesthoeke, by Dokkum en ek hjir de Middelségemeenten al in konvint slúten om it mei elkoar oan te doaren. Ek wy wolle sa ús doelstelling hantearje. De histoarje fan ús âld gemeente Barrdiel te bewarjen, te ûnderhâlden, te ûndersykjen en te koesterjen foar dy't nei ús komme. Dit dogge wy troch lêzingen en it útjaan fan ús ledenblêd "Ald Barradiel" mar ek troch stikjes yn'e streekblêden.

Troch de jierren hinne binne ek ferskate boeken útjûn sa as lânnammen, it fiskerslibben oan'e sédyk en oer it lokaalspoor NFLS. Ek hiel bysûnder is it fiskersmonumint by de sédyk (Koehoal) it Retiradegebou (âld stasjon Tsjommerum) en net te ferjitten de Yep Hettinga-skoalle mei op souder in keamer foar ús feriening. Wy binne it geslacht dat de middels en de wille hat om dit foar ús neiteam te bewarjen. 25 jier lyn binne sa'n 20 minsken hjir mei begûn en derfan binne 4 noch altyd lid!

Op it stuit binne wy mei in wurkgroep dwaande om de bunker oan de

Sédyk te bewarjen foar sloop want de skiednis bliuwt troch de jierren altyd aktueel. De lêste jierren wie yn de gemeente it Bildt fan alles te dwaan sa as it 50-jierrich bestean, it jier fan Rembrandt en Saskia mei yn it ôfrûne jier "It jier fan de ierdappel" mei in protte aksje en nijskierichheden. Sa hie de LTO-ôfdieling 't Bildt - Menaameradiel in lêzing mei Anneke Ammerlaan (skriuwster itensiedersboeken) wer't sy sei: As wy ús "food roofs" ferlieze... is it krek as ferbaarne wy. De nije trend wurdt: It iten as ûnderdiel fan ús kultureel erfgoed. Stampot en stoofpot binne wer aktueel! Tidens 25 jier OVB binne hiel wat minsken yn't spier west en dy wolle wy allegear tank sizze.

It jubileum

Sneon 29 novimber 2008 hiene wy in prachtige middei yn'e loads by Jilles en Betty Groeneveld te Minnertsgea. Troch de tiid hat Jilles in hiel protte spul opgarre Wat is der eins net? Allegear hânark fan boer, tûnker, smid, timmerman, fiskers, winkelspul, trekkers, motors, in húskeamer fan foar de oarloch en gean sa mar troch. It wie gesellig en goed 80 leden ha smult fan oranjekoek mei derop it wapen fan Barradiel dat foar dit jubileum makke waard troch de lêste bakker fan Minnertsgea.... bakker Plat.

De fersoarging fan de kofje en sa wie yn hannen fan Betty mei inkele freonen fan har en froulju fan bestjoersleden. Yn it iepeningswurd seach de foarsitter werom op it ûntstean en ferrin fan de feriening. Dernei presentearre Thom Kuurstra in prachtig historysk oersicht (mei help fan beamer) oer âld besjoersleden en oare hichtepunten dy't yn it ferslach fan de foarsitter neamt binne. Ek Yep Hettinga waard hjirby oanhelle. It enthousiasme fan Thom mei teksten op rym sloech by elk yn. Geweldig! Inkel froulju mei trekse en akkordeons út Frjentsjer ha de boel opfleure en mei har songen wy ta beslút it Heitelân. Hja wolle ek op in winterjûn wol ris mei ús sjonge.

Dernei koene wy Jilles syn passie bewûnderje ûnder it genot fan in hapke en een drankje. De nijste oanwinst wie in Barradielske fiskersboat fan sa'n 75 jier âld. De tiid fleach om. Ut namme fan Plaatslijk Belang Minnertsgea mocht Betty ús in presintsje oanbiede. In giel e-maille boerd mei as tekst: "Naar Minnertsgea 4 km (makke yn'e oarloch). Foar it archief krigen wy fan Wiebe Lageveen (âld-ambtner Barradeel) it boekje "Bydrage ta de skiednis fan Minnertsgea" troch P.B. Winsemius. Mei tankwurden krigen Jilles en

Betty op harren beurt in gaasbak út 1985 fol mei typysk Fryske lekkernijen. By de útgong stie in molkbus foar donaasje foar it Kinderkankerfonds wat ús o sa oanspruts mei om't Jilles sels siik is. Allegear tige tank foar it slagjen fan dizze dei.

Graag wol ik ôfslúte mei de wurden fan Jan Vonk: *'Dat de OVB noch in lang en bloeiend bestean ha mei. Dat it bestjûr noch in soad mooie ideën en ynspiraasje krije mei om it ferline fêst te hâlden en op skrift te stellen, sadat ek foar har dy't nei ús komme in skat oan weardefolle oantinkens bewarre bliuwt'*. Ek de mooie winterjûnen bringe bining mei de leden. Mei út namme fan de oare bestjoersleden winske ik jim goede Krystdagen en in sûn 2009 ta!

Groetnis Klaas Evert Andringa.
(foarsitter)



'Jubileumportret' bestuur en archivaris in de nagebouwde huiskamer uit het begin van de vorige eeuw. Zittend vlnr: Gerry Westra-Dijkstra, Klaas-Evert Andringa, Albert Boonstra, Wietse Leistra. Staand vlnr: Gerrit Bouma en Thom Kuurstra. Sicco Zijlstra ontbreekt op de foto.

Jubileumvoordracht

1983: op 15 desimber 1983 makke ús feriening mei 20 leden in start, want d'r wie wurk oan'e winkel, neidat ús Barradiel yn trijen wie ferpart.

Us gemeentehûs stie leech, mar wêr bliuwe de kopkepantsjes, papieren en oantinkens fan ús grietenij? Foar wurkgroepen tige dreech, ús histoarje bewarje, dat woene wy! De iene wurkgroep samle alles oer bouwurken, yn en op 'e grûn, oaren sochten knipsels en organisearde eat foar in ledejûn. De earste jûn hienen wy al statuten en in reglemint, de kontribúsje waard fêststelt en Udo liet ús âlde foto's sjen, it waard echt in jûn mei sintimint. Mei de hearen Andringa, Berendse, Klaster, Santema en Van der Zwaag krigen wy in kreas bestjoer, de wurkgroepen diene harren bêst, wurk genôch foar de minsken fan 't earste oer.

1984: al ridlik gau in ekskurzje by de tsjerken lâns, mei Zwage foar ús út, in gouden kâns.

1985: Wy krigen 500 gûne fan 'e Kulturele Rie en giene beamkesnoeien by 't Roardamaslot, fregen oft it Fries Museum in lêzing hie en 't wynmûnepark in ynformaasje hok. Zaagsma mei dia's en in hiel spektakel om de Furdgumertoer, in iepen Camstrastate en 100 minsken yn 'd Ald Skoalle mei Roel Slofstra as troubadour.

1986: Alle skoallen hienen frij, de bern fytsten de terpen lâns en hienen it Hibmaboekje d'r by.

1987: Alde Fryske lânbou grûn? Mei Swierstra's ferhaal in hiele muoie winterjûn. Yn septimber de earste monumintedei, mar Andringa siet net stil en samle alles oer it sédykslibben en hjerringfiskerij, de komst fan it boek wie op til.

Yn 1991 keam it út, foar ús feriening in skriuwebút.

1993: Keningen op 'e Winaamer Tsjitsma-terp? De argeologen se stienen op skerp. In fibula fûn en in munt waard slein, hoe djip grave, mar wêr is d'ein?

1997: Yn Barradiels'forline krige elts lân en streek in namme, Veldman sette it te boek en it resultaat hat ús net beskamme.

1999: 14 augustus rekken wy tige ferslein: oan it libben fan ús foarsitter Yeb Hettinga kaem tige hommels in ein. Wy moatte syn ynset en enerzy no misse, al bliuwe wy oer syn dea yn it ûngewisse, yn syn geast sille wy no fierder gean en as feriening bliuwt ús Barradiel bestean. Vonk siet dêrnei ús jûnen foar, nei 't Ryksatgyf gienen wy doe meiinoar. It 'Wrede Paradys' fan ús emigearre neven en nichten en Holtman kaem lans mei maten en gewichten.

2000: In jûn oer nammen troch Napoleon betocht, mar ek Roodbaardtûnen, wy hawwe se sels besocht.

2001: De stichting Yeb Hettinga-skoalle waard doe oprjochte, ta earbetoan. Letter kaam dêr ús argyf en bibliotheek út 'de haven' wei yn, dat like skoan. Steensma liet ús de tsjerke fan binnen sjen, ja gjin fersin, wol 700 jier tebek, dat wie net min. No in jûn oer Furdgum's histoarje, mei 't sicht op ús grútste monumint op de sédyk, de gouden hoep, yn al syn gloarje.

2002: Wy skaften in fotokopieermesine oan, krigen in toverlantearne mei glêskes d'r by, hienen al 1000 besikers op ús websdie hân en de Rabo joech ús kompjuter en meubels as nij. Jukema sette doe de netten al klear, mar wylsterflappe mei no net mear. Wol mochten wy yn oktober by de tsjerken lâns en keam de Heer, mei in lêzing oer ús natoer- en milieubehear. Yn novimber troch Kleaster Lidlum hinne mei Van der Wal de pastoar. Mar it bestjoer siet net stil en moast stinne en siet yn noed oer it boufal dêr by it spoar.

2003: It boerelibben fan Hibma en in stêdskuier troch Harns, drok dwaande mei it monumint en sykje om jild, wy yn petear fan jûns oant soms moarns, it libben op skûtsjes en de minsk yn it fjild. 5 desimber wie dan de grutte dei. In prachtich stasjon stie dêr en waard iepen steld, Nijpels kaam lans en in protte oaren, wy ha se net teld. Mar hulde oan Hoekstra mei syn 'Verloren Sporen', 1000 stiks wy hiene it net tocht, se wienen samar útferkocht.

2004: Yn dit jier hearden wy alles oer de middelsé, boeteregisters, de

bedyking om 'Bilt, in middei by Jilles en de toverlantearn stier ré. Mar 26 augustus kaam de ûntbleating, ja it wie in wichtich Koehoalster-monumint. Wat in tiid, wat in jild en wat in prestaasje, hulde dy't har ynsetten foar dit fiskersmonumint.

2005: In start waard makke en 5 leden stiene klear om oer ús middenstân te skriuwen, yn 'e takomst heare jimme wol mear. D'r lei noch snie, mar dochs is hy kommen: Winsemius út 'e Hitsumer gêrzen. In muoi ferhaal ha wy doe fernommen, wy skine allegearre famylje fan inoar te wêzen! Op sokken troch de gemeente en sjuch dêr it retirade-gebou. It waard iepene mei film en maquette, of't jimme der lans komme, it heart by it spoar en ja, je moasten wol ris nou? De Slachtedyk kaam oan bod en it spoar fan Minnertsgea kaam foarby.

2006: Nei de 'Martini' en op reis nei de goudplevier mei bylden út Mongolië en in leanwurker út it Oerjordeanske it stie op Bibelsk papier. Vonk gie der út, 'ús Jan' in protte wurk is troch him fersetten, Andringa waard doe ús nije foarsitman. Mar ek al dy oare sneupers, se wurde net fergetten. Us argivaris gie ek oan 'e haal, hiele dagen op in paad. Wietse hat doe alle grêven digitaal op foto set, yn nammen in grut ferskaat. Wy kamen mei Herrema, alles oer flaaks te witten. En yn novimber kamen út it Klaester Anjum twa mûnsten lâns. Mei Regts ha wy oer âlde tegels switen en Bouma wie mei âlde foto's ek hiel wat mâns.

2007: Veldman hie in skipswerf en hellingferhaal, mar Bilker gie mei Zelle's preken fan Sodom en Gomorra oan 'e haal. 2008: Vonk hie de hjerringfisker mei op DVD en Draaisma beljochte Ropsyl mei syn striid by de sé. De feriening skafte doe ek foar ús gehoar, in lûdynstallaasje oan en kinne sa dúdlik foar ús meiinoar, de skiedins bringe fan ús doarp en lân. Hjoed mei wy dit jubileum fiere fan it 25 jier bestean. Al is jo namme net neamd, tank foar jo ynset . . .! It betsjuer wol graach sa fjierdergean. Jûnen mei folle sealen en in protte nocht. It ferline ûndersykje en bewarje. Dat is wat ús feriening docht. Sa trochgean mei leafde en ferstân oan ús Barradiel . . . ús stikje heitelân.

29 novimber 2008

Thom Kuurstra

Luidklok Wijnaldum

In november stond de luidklok van Pietersbierum opeens in de belangstelling. Er waren plannen gesmeed om de bronzen luidklok te verkopen ten behoeve van de Martinikerk in Franeker. De klok uit Pietersbierum was dan bestemd om als derde, tot nu toe, ontbrekende, klok te fungeren. Dat was de aanleiding om onderstaande artikel uit de Leeuwarder courant van 14 oktober 1904 te plaatsen over de torenluidklok van Wijnaldum.

'Op het terras voor 'Amacitia' is op het oogenblik ter bezichtiging opgesteld een torenklok, bestemd voor de kerkelijke gemeente Wijnaldum.



De Wirdummerdijk in Leeuwarden gezien vanaf het dak van het Beursgebouw. Rechts het Amacitia-gebouw.

Zij is gegoten door de "Bochumer Verein" te Bochum, wat op den bovenrand wordt meegedeeld. Aan de eene zijde zijn aangebracht in metalen letters de namen der kerkvoogden dier gemeente, aan de andere zijde draagt de klok het volgende opschrift van den Frieschen dichter O. Sytstra:

*Ik lied de Ijeu nei 't hillichdom
En ta de rest yn iw'ge slom;
Mar hwet ik oansiz, drôf ef bliid,
It kinstich ûrwirk seit: sa, minske, rint de tiid.*

Volgens de ons verstrekte inlichtingen is dit soort klokken in Duitschland reeds op vele plaatsen in gebruik. Op de laatst gehouden tentoonstelling in Dusseldorf trok ze zeer de aandacht om den welluidenden klank en de gemakkelijke wijze van in beweging gebracht te worden. Dit laatste is één van de kenmerken, waardoor ze zich van hare andere collega's, algemeen in ons land in gebruik onderscheidt. Laatstgenoemde zijn van brons –deze is van gietstaal. Behalve dat dit laatste belangrijk soortelijk lichter is, is de prijs veel leger – ongeveer de helft. Waar toch een kilo brons fl. 1,60 kost, bedraagt de prijs van eenzelfde gewicht gietstaal nog niet de helft. Dit zal zeer zeker een groote aanbeveling zijn voor belanghebbenden. Een tweede onderscheid vormt de beweegtoestel. Bij bestaande klokken draait de as in potten, bij deze op een blok; daardoor wordt de verwrijving tot een minimum herleid. Het gevolg hiervan is, dat een klok van de constructie al thans voor 'Amacitita' opgesteld, zelfs bij een gewicht van 6000 kilo gemakkelijk door één persoon kan worden geluid. Neemt men in aanmerking, dat voor het bedienen der klok in de Oldehove, die een gewicht heeft van +/- 4500 kilo, vier personen noodig zijn, dan zal deze verbetering zeker ook niet nalaten, de aandacht te trekken en tot eventuele aanschaffing leiden.

We voegen hier nog aan toe, dat, naar ons werd meegedeeld, de klank zeer mooi moet zijn, wat bevorderd wordt door een de bronzen stootvlakken aan den klepel aangebracht, en dat ze bovendien ver hoorbaar is. De klok wordt geëxposeerd door onzen stadsgenoot, den heer De Looze, vertegenwoordiger van de "Bochumer Verein", die ook verleden jaar aan de kerkelijke gemeente te Heeg een klok van deze constructie leverde.

Met het oog op een mogelijke toekomstige wijziging in den stoel van den klok in de Oldehove, welke inrichting thans zeer primitief schijnt te zijn, waren door den heer G. de Looze de leden van de Gemeenteraad tot een bezoek uitgenoodigd. Door verscheidende leden werd van deze uitnoodiging gebruik gemaakt en de eenvoudige inlichting van het

beweegtoestel werd algemeen bewonderd. Trouwens dit kon niet uitblijven, waar de vertegenwoordiger met één hand door middel van een slechts zeer korte koord heel gemakkelijk de klok aan 't luiden bracht'.

Brandklok

De klokken in de toren hadden vroeger niet alleen de functie om zondags het kerkvolk op te roepen om de eredienst bij te wonen, maar werden ook voor andere doeleinden gebruikt. Zo fungeerde de klok met speciale luidklanken de bevolking op te roepen voor een bijeenkomst of vergadering of als brandklok.

In Minnertsga werden de bewoners op 15 juni 1917 aan het eind van de werkdag omstreeks kwart voor zes opgeschrikt door het kleppen van de brandklok. De oude boerderij midden in het dorp stond toen in brand. De boerderij werd bewoond door maar liefst vijf gezinnen. Spelende kinderen hadden een vuurtje gestookt in de schuur. Binnen enkele ogenblikken stonden enige duizenden bundels bewerkt vlas zodat binnen enkele minuten het hele gebouw in lichtelaaie stond. Onmiddellijk was er veel volk op de been en met man en macht het vee in veiligheid gebracht. Het huisraad van de eigenaar L. Meijer werd grotendeels buiten het bereik van de vlammen gebracht. Eén varkentje kwam om het leven. Ook het voornaamste van de inboedel van D. Meijer werd gered.

Minder gelukkig was het gezin van W. Braaksma waarvan de vrouw met een paar kinderen buiten zat. Bijna alles wat zij hadden ging in vlammen op. Tot overmaat van ramp was dit gezin ook niet verzekerd tegen brandschade. Een nadere gedeelte van het was bewoond door de stokoude Marten Crelis Grond die met moeite uit zijn kamertje kon worden gered. Van zijn huishouding kon slechts het voornaamste naar buiten worden gebracht. Toen het gebouw binnen een half uur één vuurmassa was, stoven er zware rookwolken vermengd met as en vonken, door de lucht. Hierdoor werd het rietendak van de boerderij aan de overkant van de vaart bedreigt. Even leek het erop dat er zich een ramp voor zou doen omdat de woning op het belendende perceel vlam vatte.



Links het brede (dwarse) voorhuis van de boerderij die met schuur en al in vlammen is opgegaan en rechts de boerderij met op de schuur een rietendak. De foto is gemaakt in 1915.

Velen in het dorp betreurden op dat moment dat Minnertsga geen brandspuit had. Want al werden er vele emmers water op de bedreigde plaatsen, men kon niet voorkomen dat op die plaatsen ook brand ontstond. Gelukkig kwam op het juiste ogenblik de brandspuit van Tzummarum ter plaatste. Met bewonderenswaardige vaardigheid werd de brandspuit in werking gesteld. Enige ogenblikken later kwam de brandspuit van St. Jacobiparochie ook ter plaatse. Daarna verscheen ook nog een brandspuit uit Sexbierum en zette een extra tram uit Leeuwarden een reddingsbrigade met vier spuiten op Mooie Paal af. Deze hulpmiddelen behoefden niet meer te worden ingezet.

De schade was enorm. De partij vlasbundels vertegenwoordigden een waarde van circa fl. 30.000. De andere verbrande goederen die een waarde hadden van circa fl. 26.000 waren bij de Maatschappij Achlum verzekerd.

Reactie op herberg Dykshoek

Wat in nijsgjirrich artikel okkerlêsten yn it oktobernûmer oer de herberch yn 't spultsje fan de Reitsma's op 'e Dykshoeke. Hielendal doe't it oer la Fleur gie, want yn 'e Peinser histoarje dûkt dizze namme ek wolris op.

Bygelyks yn it rekkenboek fan de tsjerke oer it jier 1848. Dêr stiet: 'Strandmeester la Fleur van Firdgum heeft 25 wagens schelzand geleverd aan de kerk voor de paden om 't kerkhof'.

Pas nei sa'n heale ieu komme wy wer ris in la Fleur tsjin yn Peins. Om presys te wêzen op 14 febrewaris 1902, mei de berte fan Sikke, de earste soan fan Dirk Dijkstra en Reintje la Fleur. En op 26 maaie 1903 kaam harren earste dochter Antje op 'e wrâld. It jonge gesin wenne yn it alderlêste arbeidershûs oan de Slappeterpsterdyk. Heit Dirk Dijkstra wurke by de frijgeselle boer Klaas Anema, dy't lykas de Dijkstra's koart dêrfoar fan út Tsjummearum ferhúze wie, en nei alle gedachten hawwe hja elkoar sadwaande ek wol kinnen. (It gesin Dijkstra is op 11 maaie 1904 ôfteind nei Koarnjum, mar dat fansiden).

Om op la Fleur werom te kommen: de boargerlike stân jout oan dat mem Reintje op 13 novimber 1877 yn Tsjummearum berne is. En hjir docht sa ek bliken, dat hja gjin dochter fan de hjir boppe neamde strânmaster wie, mar fan in sekere Sikke Willems la Fleur en Hiltje Renzes de Valk.

Tzummarumer timmerman veranderd aangezicht Peins

As wy it lânskip hjir yn ús omkriten ris oereagje, binne der in soad doarpstuerren mei ôf in sealtek ôf mei in spits te sjen. Yn hun soart lykje dizze fan fieren wol wat op inoar, mar goed besjoen is der gjin ien toer gelyk. En dit jild noch mear foar de saneamde koepeltsjerken sa as dy yn Berltsum, Sint Anne en Sweins. Doch it meast yn 't each springend binne sûnder mis de tsjerketuorren fan Sint Japik en Peins want dy binne, yn dit gehiel besjoen, it dúdlikst werkenber fanwegen har ôfwykjende boustyl. Dizze beide tsjerketuorren hawwe der net altiten sa útsjoen. Dy fan Sint

Japik hat nei alle wierskyn yn âlde tiden in spits mei in sipel hân en de Peinser toer hie eartiids in sealtek (sjoch ôfbylding fan J. Bulthuis út 1790-1791). Yn de 19e ieu lykwols binne der in protte tuorren ôfbrutsen en op 'e nij boud yn de foarm sa't wy dy no kinne.




Tekening J. Bulthuis uit 1790-1791.

Wêrom no de tuorren fan lêstneamde doarpen sa'n ôfwykjende boustyl hawwe is net bekend; faaks hat it te krijen hân mei in 'moderne' tsjerkfâdij en of architekt. De âlde sealtektoer fan Peins is yn 1858 foar in part ôfbrutsen. Hy is doe 30 foet (sa'n 9 meter) ynkoarte, sawat oant de kloksgatten ta. Hjirfoar kaam in koart, mei pannen ôfdutsen, spitske yn 't plak. De timmerbazen Hyltsje Wybes Nauta fan Peins en Gerrit Roelofs Lettinga fan Sweins hawwe dit wurk doe útfierd foar 444 gûne.

Jierren letter, it sil likernôch 1875 west hawwe, is ek dat koarte spitske wer fuorthelle om plak te meitsjen foar in heger spitske, dy't mei daklear beklaaid waard. Ek hjir is lokkich in tekening fan bewarre bleaun. Hy is makke troch de Peinser timmerman Paulus Schuitmaker *).

len en oar is ek te
lêzen yn it boek
"Historische
wandelingen door
Friesland" fan Jacob
Hepkema. It haadstik
dat oer Peins giet
spilet him ôf yn de
jierren 1897-1898,
en de beskriuwing
oer de tastân fan 'e
tsjerketoer begjint
mei: ... *Naar alle
zijden is het te*



merken, dat Peins te peinzen heeft, om aan geld te komen voor een nieuwe kerk en toren, zelfs vind men er geen passende afscheiding meer van de doodenakker, die aan alle zijden toegankelijk is voor de jeugd.

't Ziet er treurig en treurend uit. ... Een onbehaaglijke, in ijzeren beugels geslagen vierzijdige piramide staat nu op de oude grondvesten, een misplaatst stompje, dat zijn besten tijd ook al weer heeft gehad, de haan op de spits heeft de kracht reeds verloren om met alle winden te draaien. ...

Hiel dúdlik is hjir út te priuwen dat de toer min wie en allinne mar minder waard. It kaam yn dy jierren sels sa fier, dat der stekken pleatst binne om de minsken te beskermjen foar fallend pún. Doe is der úteinlik besletten om de âlde swiere toer mar hielendal ôf te brekken en in nij spitske op 'e tsjerke te bouwen (it nuveraardige spitske sa't wy it hjoed de dei kinne). En tagelyk moast dan ek de tsjerke, benammen de binnenkant, mar ris opknapt en fernijd wurde.

It bestek en it ûntwerp hjirfoar wie fan architekt Hofstra út Frjentsjer en de Tsjummearumer timmerbaas Kloosterman hat it wurk útfierd foar 1970 gûne (*f* 995 foar de tsjerke en *f* 975 foar de toer). Hy wie de leechste fan 'e 13 ynskriuwers; de heechste ynskriuwer hie it wurk op *f* 3050,- raamt. Yn 'e simmer fan 1900 is Kloosterman út ein set mei de tsjerke en der binne sa't skynt gjin swierrichheden west, want ein maart fan it jier dêrop koe de tsjerke al wer brûkt wurde. Fuort dêrnei sil de toer wol ôfbrutsen wêze want yn 1902 wie it hiele projekt klear. Miskien aardich om te witten is dat de 60 m3 bakstien (âlde friezen) dy't by de ôfbraak fan de toer

frijkaam, yn de jierren 1906 - 1908 brûkt binne foar de restauraasje fan it Popta Slot yn Marssum. It kin ferkeare...

'y) Âld Peinser Lieuwe Wallinga, dy't no sûnt koart yn Tsjummearum wennet, hat de orizjineele tekening.

Jan Gerlofsma, Peins



Gezicht op Peins anno 2006.

Vraag & antwoord

Via de website en op andere wijze komen vragen binnen bij de redactie. We proberen deze vragen altijd van een antwoord te voorzien of verwijzen de vraagstellers naar andere bronnen. Hieronder een selectie.

1. Waar komt de naam 't Houw vandaan? De vraag werd gesteld door een bezoeker van de website i.v.m. de familienaam Houwsma en Houtsma. De vraag werd doorgespeeld naar ons lid Kees Draaisma. Hij antwoordde met o.a. *'Als je over de Afsluitdijk Friesland binnenrijdt zie je rechts van de aansluiting op de oude zeedijk het dak van een boerderij, waar in de dakpannen het woord Houw staat. Deze boerderij staat nog steeds met die naam op de topografische kaart aangegeven. In 1543 komt de naam voor als Houwe en Houwen. Rond 1700 wordt geschreven 't Houw*

en op de kaart van Eekhoff (1854) staat Houw'.

2. Foto onbekend fotoalbum (Ald Barradiel oktober 2008).
Op deze foto is door twee mensen gereageerd. Een van die mensen was de toen kleine baby Sible op de arm van zijn moeder. Hij herkende onmiddellijk de foto. Hij vertelde dat zijn moeder vroeger veel foto's heeft gemaakt en die keurig in album plakte en de foto's voorzag van bijschriften. De foto's uit het album zijn daarmee terug te leiden naar de o.a. familie Hettinga.
3. Lid Japke Dijkstra uit Minnertsga reageerde op een foto die gepubliceerd was geweest. Zij herinnerde zich niet meer of dat nu in Ald Barradiel was geweest of de dorpskrant van Sexbierum.
Op de foto (zie hieronder) linksachter in de klas is Geeske Bonsma, de moeder van Japke. Zij is geboren op 20 april 1920 als dochter van Auke en Japke Elsinga. Zij hielp juffrouw Tsjetsje Miedema in de kleuterschool, eerst als eerste hulp bij de kleinste kinderen en later als tweede hulp bij de oudere kleuters gedurende ongeveer vier jaar. Juffrouw Miedema woonde in het kleuterschool huis voor de school. Tweede rij van achteren rechts is Johannes Norder.



Waardig over de drempel

Op 1 januari 1984, vijftientig jaar geleden was de gemeente Barradeel verledentijd. De gemeentelijke herindeling van 1984 was de grootste in de geschiedenis van Friesland en ook één van de weinige. Sinds de vorming van de gemeenten vond de eerste herindeling plaats in 1934, toen de nieuwe gemeente Heerenveen werd gevormd. In 1944 vond er, door de Duitse bezetter, een kleinere herindeling plaats, Leeuwarderadeel-zuid werd bij Leeuwarden gevoegd. In 1984 werd het aantal gemeenten in Friesland teruggebracht van 44 naar 31 gemeenten. Het doel hierbij was gemeenten die te klein waren op te heffen, teneinde ze beter te laten functioneren. Een ander doel was om de steden meer ruimte te geven zodat ze meer land hadden om uit te breiden. De minimumgrens van het aantal inwoners werd gesteld op 10.000. De waddeneilanden kregen ontheffing in verband met hun geïsoleerde ligging.

Dat was vijftientig jaar geleden! Vijftig jaar geleden ging Wim Kan op oudejaarsavond 1958 op de VARA-radio 'Waardig over de drempel'. Waar blijft de tijd?

Met het 25-jarig bestaan van onze vereniging gaan wij met u samen waardig over de drempel van 2008.

*'Een niet te delen ogenblik
Het oude jaar voorbij
De tijd klok tikt de laatste tik
De klokslag keert het tij
En slaat vooral een nieuw
begin'*





Colofon

Ledenadministratie	: Gerrit Bouma (secretaris)
Correspondentieadres	: Reiddomp 17, 9101 HJ DOKKUM
Telefoon	: 0519-241409
Email	: gghbouma@hetnet.nl
Website	: www.oudbarradeel.nl

Bankrekening RABO	: 32.55.38.271
Kamer van Koophandel	: 4000368